



Histoaryske Feriening De Pein

Nieuwsbrief nummer 25 (juni 2022)

Gearfetting fan de taspraak by it ûntbleatsjen fan it monumint op de kade op 2 Juny 2022.

Op deselde kade wêr't 9 jier ferlyn HFDP mei Doarpsbelang in -slagge- aksje fierde ta behâld derfan hat no in moai monument stal krigen, ta oantinken aan it suvelfabryk en de los- en laakkade.

Dy kade die net allinne fertuten foar it suvelfabryk want bygelyks ek It timmerfabrykje, de moalhandel en it beurtskip De Pein – Eastermar wienen fêste brûkers. De kade is yn de 1920er jierren oanlein troch de Diaconie fan de NH tsjerke yn 'e mande mei it suvelfabryk. Wy biskôgje de kade as 'industrieel erfgoed'.

Op hokker wize kaam al dizze drokte hjir oan it Peinder kanaal ?

Yn 'e twadde helte fan de 19^e ieu wie dêr in protte earmoed ûnder de boeren. In grutte lânboukrisis sloech om him hinne. Boppedat, lang wie de útfier fan op'e buorkerij makke bûter tige wichtich foar de Fryske boeren. De kwaliteit fan dy ambachtlike bûter wie lykwols net altyd om oer nei hûs te skriuwen. Dat wie wyn op de mole fan op 'e loer lizzende konkurrenten, benammen út Denemarken. Hylytd mear fabrykjes namen dêre de tsjerne oer fan de boerinnen.

It wie dêrom net sûnder reden dat de 'Friesche Maatschappij van Landbouw' krewearre om ek hirre bûter fabrykmjittich te produsearjen. Yn De Pein lutsen yn 1892 trije boeren it foartou troch it stichtsjen fan in molkfabryk: de Eendracht, dy't efkes noardliker oan de lendrachtsingel kaam te stean. Yn 1913 waard der in nije fabryk bout op it plak wêr't no it gebou fan de dokterspraktyk is.

Yn 1915 leveren 241 boeren de molke fan 1660 kij oan it fabryk! Hoefolle boeren mei molkefee telle wy hjoeddedei om De Pein hinne? Gjin tsien? En dan hawwe wy it noch net iens oer it tal kobisten. Tiden hawwe tiden.

De Eendracht buorke goed. Sa waard it fabryk fan Aldegea oernommen. Ferneamd wie harren tsiis, dy't oant yn Amerika prizen wûn. Mar it mocht net bate: De Eendracht hat it noch lang útsongen mar ûntkaam lang om let net oan de skaalfergrutting dy't earder al ferscate Fryske suvelfabriken opslokt hie. Yn 1976 stapte De Eendracht út de Frico en kaam ûnder it bewâld fan De Twee Provinciën to Gerkeskleaster. Nei in hoartsje tsjinst dien te hawwen as molküntfangstasj昂 foel yn 1985 it tsiisdoek definityf. It gebou waard sloopt en piip kaam ûnearfol oan syn ein.

Sûnder mis hat it fabryk foar doarp en mienskip fan bûtengewoane betsjutting west. Om dat oantinken libbend te hâlden, stiet op de kade no dit monumint.

De eigner fan it stik kade wêr't it monumint in plak krigen hat is no famylje Lindeman. Hja hawwe goedsein dat it monumint hjir stean kin. Tige tank foar dy reewiligen! It úntwerp is fan Anne Woudwijk. It grutste part fan it byldhouwen is útfierd troch Jelmer Kooistra.

De earste steen út de âlde fabryk is opgeknapt troch Roelie Woudwijk. It fundamint fan it monumint is lein tr Max Veenstra.



It monumint is op 2 juny 2022 úntbleate troch vrou Sjoerdje Jansma-Reitsma, widdo fan molkrider Klaas Jansma en Antje Bosma, de partner fan de sa drôf ferstoane Jelmer Kooistra.

Us grutte tank oan dejingen dy't it monumint finansjeel mei mooglik makken; wy neame it Reindersmafûns, de gemeente Smellingerlân, Doarpsbelang De Pein, Doarpshûs De Wringe.
En net minder tank oan eltsenien dy't

it sines bydroegen hat ta de realisaasje fan dit monumint. De Pein kin der grutsk op wêze.
foto Jaap de Vries

Raboclubsupport 2022

Dit jaar doet ook HF de Pein weer mee aan deze actie, met als bestedingsdoel een laptop voor archiefwerkzaamheden. Je kunt onze vereniging een financieel steuntje in de rug geven door als lid van de Rabobank een stem op ons uit te brengen.

In de periode van 5 t/m 27 september kun je een stem uitbrengen op 3 verschillende deelnemende verenigingen en stichtingen. Bezoek daartoe dan rabobank.nl/clubsupport of volg eenvoudig(er) het onderstaande stappenplan :

Log in op je rekening bij de Rabobank op de site of in de app.

Ga via Service naar Zelf regelen en dan naar Stem op jouw club. Je klikt in de lijst van deelnemende clubs op HF de Pein (enkel aanvinken is niet genoeg) en klikt op Stemmen. Je kunt nu je Stem bevestigen of eerst nog 2 andere clubs selecteren en daarna je 3 keuzes gezamenlijk bevestigen via Stem bevestigen.

ZEG HET VOORT AAN AL JE VRIENDEN EN BEKENDEN !

Oproep

Al eerder deden we de oproep voor oude documenten of afbeeldingen en eventueel oude telefoonlijsten van De Pein. Wegens succes herhalen we deze oproep nogmaals.

Dus heeft u, of kent u iemand die deze zou (kunnen) hebben, die we voor archiefdoeleinden zouden mogen hebben (of een kopie mogen maken), dan houden wij ons hiervoor aanbevolen.

Secretariaat/ledenadministratie:

Voor reacties, vragen en (E-mail-) adreswijzigingen.

Hegedykje 23.; T.: 0512-371696 ; E.:bestuur@hfdepein.nl ; www.hfdepein.nl